



ZON-DAG BOEK



PROTESTANTSKE GEMEENTE

Wurdum Fr e.o.

Snein 19 april 2026



Wolkom, meidielingen, bemoediging en groet

Nei it wolkom sjonge we lliet 33: 5-7: "Heech út de himel lit de Heare oer alle folk syn eachweid gean."



Us help is yn de name fan de iuwige dy't himel en ierde makke hat. Yn it spoar fan Jezus binne wy ûnderweis. Jezus gong troch djipten en hichten, fersiking en ferlieding, it hiele libben troch. Dy 't libben wetter wie, eagen iepene en nij libben brocht. Dat wy mei Him geane om op te stean nei in nij libben. Amen.

Sjonge: liet 116: 1 en 5: "God haw ik leaf, hy wekket oer myn wei".



1^e lêzing

Corry Brouwer lêst út it Alde Testamint Jesaja 43: 1-12: De Heare ferlost syn folk.



Meditatyf momint

Hjoed is de 3^e snein fan Peaske, Dizze

snein is ferneamd nei Misericordia Domini plena est terra, wat betsjut dat de ierde fol is fan bermhertichheid. Dizze oanduding ferwiist nei de leafde, goedheid en trouw fan God, dy't altyd by ús is. Wy lústerje nei it liet mei deselde namme.

2^e lêzing

Corry Brouwer lêst út it Nije Testamint Johannes 21: 1-14: Jezus ferskynt by de mar fan Galiléa.

We sjonge dêrnei liet 644: 1-5: "Wylst wy gjin wurden fine..."

Oertinking

De tekst út it Johannes-evangely wurdt sjoen als in mystike tekst: dingen dy't in geheim yn har drage. Dat jildt ek foar it ferhaal fan krekt. Minsken út de tiid fan Johannes seagen de fisk as in drager fan it geheim fan libben en dea, omdat er yn de djipte fan it wetter libbe. Yn it Nije Testamint stean ferskate ferhalen fan minsken dy' fisk te iten krije – dat binne ferhalen mei in djippere betsjutting. De earste 4 learlingen van Jezus binne fiskers; wêrom socht hy no krekt ûnder harren syn folgelingen? Ien fan de bekendste fisken út de Bibel wie de grutte fisk dy't Jona opslokte - ek sa'n ferhaal fol symboalyk. Jona moat fan God de minsken yn Ninevé bekeare, mar hy naait út nei see. We witte hoe 't dat ôfrûn. Yn in stoarm wurdt hy oerboard smiten en nei 3 dagen op it droege

útspuge. Jona stiet foar Israël en de stoarm foar it sprekken fan God. De see stiet foar de



deadlike gaos en it droege foar it nije bestean. De grutte fisk stiet foar de dea en de ûnderwrâld, mar ek foar it Godlike yngripen. It moat dúdlik wêze dat God boppe gaos en deadsmachten stiet. Dit útstapke nei Jona is derfoar omdat dizze eleminten ek

foarkomme yn it ferhaal fan fan hjoed. Yn de kristlike tradysje is de fisk in syntraal symboal foar de betsjutting fan de fisk yn it wurk fan Jezus. As Hy it hat oer fiskers fan minsken, witte de fiskers wol wat Hy bedoelt; it giet dan oer it by elkoar bringen fan minsken, oer Jezus' boadskip fan befrijing en in nije bestimming fan minsken; ien dy ferhalen kinne wy as de wûnderbare fiskfangst. Sa as de fisken ryklik yn it net sitte, sa komme minsken fan oeral wei rûnom de namme fan Krystus hinne. It ferhaal fan fan 'e moarn is bedoeld als hert onder de riem fan de learlingen. Sy sille de taak fan Jezus oernimme en syn boadskip ferspriede fan God's leafde foar alle minsken. Wêr helje se de krêft en de moed wei om dat te dwaan? It antwurd leit besletten yn it frjemde en bysûndere moetsjen dy moarn oan de rane fan de mar fan Tiberias. Yn dit ferhaal lit Jezus him foar de 3^e kear nei syn opstanning sjen oan syn learlingen, de fiskers. Hja hawwe de hiele nacht hurd wurke mar neat fongen. Mar as se op advys fan de frjemdling de netten oan de oare kant útsmite, sitte dy groatfol mei fisk. De "3e kear" – as dat yn de Bibel stiet moastst oplette, dat getal stiet foar in kearpunt. Nei de dea fan Jezus twifelje de learlingen hoe't se fierder moatte: har âlde libben mar wer oppakke? Mar troch dizze moeting mei de frjemdling en de ryklike fiskfangst begripe se dat de frjemdling de Hear wêze moat. Dan ite se mei elkoar, Jezus wol dêrmei de opstanning fiere, fan

himsels en fan de learlingen. En dan geane sy op paad.

Healwei de ferkundiging sjonge we liet 383: 1-3: "Sân, dat wie tarikkend, vijf en twa.."

Blommen en kollekten

De blommen geane as groet nei Anneke Postema oan de Swichumerdyk yn Wurdum.



1^e kollekte: diakonij, 2^e: tsjerklik wurk.

Gebeden, slotlied, seine

De gebeden wurde ôfsletten troch it mei elkoar sjongen fan it Us Heit.

As lêste wurdt songen liet 650: 1-7, yn wikselsang:

"De goedens fan de Hear wurdt de ierde ta in liet, om syn geduld sa klear en godlik wiis belied."

De seine wurdt beândere mei it Amen, amen, amen.



Meiwurkers

Foargonger:	mefr. Geeske Bies
Alderling:	Janny Veenstra
Diaken:	Harm de Vries
Oargelist:	Wybe Sierksma
Lector:	Corry Brouwer
Koster:	Hester Wolters
Beamer:	Steven Feenstra
Bloemen:	Fokje Tolsma

Tekst: AD

Foto's: SB